

# Opdrachtkaart 1

## Mobilisaasje en ynfal – 1940-1941

### A. Yn petear

Guon fragen hawwe net in goed of in fout antwurd. Dat binne fragen dy't dy oan it tinken sette. Fragen dêr'tst mei-inoar oer prate kinst, miskien wol sûnder ien antwurd te finen. Fragen dêr't miskien meardere antwurden op te jaan binne. Dat neame wy ek wol 'filosofyske fragen'. Hjirûnder steane in pear dy't passe by it filmke. De fragen binne ek te finen yn de 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en op de webside.

Praat mei-inoar oer de folgjende fragen. Lústerje nei elkoar en betink dat der gjin goed of fout is. Miskien feroaret dyn antwurd wol yn it petear. Dat kin, mar it hoecht fansels net.

- Kinst minsken ferplichtsje om mei te helpen oan de ferdigening fan in lân? Wêrom of wannear wol of net?
- Wat soesto derfan fine asto of ien fan dyn famylje oproppen wurdt om mei te helpen by de ferdigening fan it lân?
- Is in ynfal fan in lân yn in oar lân altyd ferkeard? Of kin in oanfal fan in oar lân ek goed nijs wêze?
- Wat soesto ferdigeninge wolle?



### B. By in boarne

Oer de ynfal fan Dútslân stiene in soad berjochten yn de kranten. Bygelyks yn Tubantia, it deiblêd fan Twinte. It kranteberjocht is te finen yn de 'Oarloch yn 'e klasse'-boks of online op [oarlochyneklasse.frl](http://oarlochyneklasse.frl).




Lês it kranteberjocht yn twatallen.

- Kinne jim de tekst yn it âlde Nederlânsk begripe? Wat binne drege wurden of stikjes?
- Wat kinne jim yn it krante-artikel fine oer de tiid: hoefolle dagen hat de striid by de Ofslútdyk duorre?
- Wat kinst yn it krante-artikel fine oer de skea dy't der wie nei de striid?
- Wat stiet der yn it krante-artikel dat jim noch net wisten oer de striid by de Ofslútdyk?
- Wat soe de slúswachter thús ferteld hawwe doe't er nei de striid wer thús kaam?



### C. Yn 'e omjouwing

Besjoch it kaartsje oer de Dútske opmars yn 1940. It is te finen yn de 'Oarloch yn 'e klasse'-boks of online op [oarlochyneklasse.frl](http://oarlochyneklasse.frl). Wat betsjutte de kleuren en foarmen op de kaart? Wêr leit jim wenplak op it kaartsje?



By de oanfal op Noard-Nederlân binne der trije belangrike oarders foar de Dútske ienheden:

1. Sa gau mooglik Noard-Nederlân besette
2. De stelling by Koarnwertersân feroverje mei de strategyske dyk tusken Boalsert en de kop fan de Ofslútdyk
3. De havens oan 'e Iselmar yn besit nimme

De ferdigening fan it Nederlânske leger tsjin de Dútske oanfal wie net sa sterk. Dat wie foar de oarloch al bekend en dus wie de grutste opdracht foar de soldaten yn Noard-Nederlân it fertraagjen fan de ynfal. As bliken die dat it Dútske leger te sterk wie, moasten de soldaten harren weromlúke yn 'e rjochting fan 'e Ofslútdyk. Want dy moast wol goed ferdigene wurde, sadat de Dútsers net maklik nei Noard-Hollân oerstekke koene. En by de Ofslútdyk wie de ferdigening wol sterk!

Soldaten en ynwenners fan Fryslân binne net fan doel om de Dútsers samar frij paad te jaan nei de

Ofslútdyk. Se ferniele brêgen, hakke gatten yn 'e dyk, barrikadearje it paad en besykje de Dútske soldaten te kearen. Yn 'e havens litte se skippen sinke, sadat it Dútske leger neat oan 'e haven hawwe sil. Ek wetter wurdt brûkt om de Dútsers te kearen: der wurde stikken lân ûnder wetter setten, sadat it Dútske materieel net fierder kin.

Undersykje:

- Hawwe de soldaten en bewenners by jim yn 'e buert ek besocht de Dútsers te kearen yn 1940?
- Wat hawwe se dien?
- Binne dêr ferhalen oer?

**Tip: op [oarlochyneklasse.frl](http://oarlochyneklasse.frl) steane in oantal tips foar websiden oer de ynfal fan Dútslân.**

Miskien witte jim noch wol mear websiden te finen dy't ferhalen fertelle oer jim omjouwing yn de maaie-dagen fan 1940.



## D. En no?

De oarloch liket wat fan lang lyn, út de skiednis. Mar op dit stuit is der op ferskillende plakken yn 'e wrâld driging fan oarloch. Ek Navo-baas Rutte hat Europa oproppen om har better ta te rieden op driging. En miskien kenne jim wol minsken dy't dêr thús ek al mei dwaande binne, miskien dogge jim dat sels wol. Alderhande organisaasjes wolle minsken wol helpe om harren ta te rieden op need-situaasjes. Sa hat it Reade Krús bygelyks ek in tsjeklist foar in needpakket.

Yn dizze opdracht geane jim op ûndersyk út.

Praat mei-inoar oer de folgjende fragen:

- Wêrom soene minsken tinke dat oarloch 'wat fan froeger' is?
- Wat is it ferskil tusken de driging doe en de driging no?
- Riede jim jim ta op needsituaasjes? Wêrom wol of net? Hoe?
- Riede minsken yn de omjouwing harren ta op needsituaasjes?

Foar it antwurd op de lêste fraach geane jim op ûndersyk út yn jim omjouwing. Betink wat jim witte wolle en hâld ynterviews mei minsken yn jim omjouwing.

Fragen kinne bygelyks wêze: Meitsje minsken harren soargen? Hoe bliuwe minsken op 'e hichte fan it nijs? Fine minsken dat se goed taret binne op needsituaasjes? Hawwe se in needpakket yn 'e hûs? Wat wol, wat net? Mar miskien hawwe jim noch wol mear fragen!


Gean op ûndersyk út en bepraat mei-inoar wat jim fûn hawwe. Hoe sit it by jim yn 'e buert? Wat fine jim dêrfan? Soene jim sels mear dwaan wolle of net?

# Opdrachtkaart 2

## Loftoarloch en deistich libben – 1941-1942

### A. Yn petear

Nei de ynfal binne de Dútske soldaten hjir de baas. De Dútsers stelle harren, op befehl fan Hitler, yn it begjin fatsoenlik op. Se dogge harren boadskippen yn Fryske winkels en betelje netsjes. Hitler besiket it Fryske folk achter him te krijen en dat slagget de earste jierren aardich. Fan ferset is net in soad te fernimmen yn 'e earste tiid. Op 'e grûn is de striid earst foarby en wurdt it ridlik rêstich yn Fryslân. Yn 'e loft giet de striid noch troch en om't in oantal fleanrûtes oer Fryslân giet, fernimme de Friezen dêroan wol dat de oarloch noch net foarby is.



Op de petearposter dy't yn de 'Oarloch yn 'e klasse'-boks sit, steane fragen om oer te praten. Lis de poster plat op 'e grûn del. Besykje in muntsje of in blokje presys op in fraach te goaien. Lês de fraach en praat deroer. Dejinge dy't it muntsje of blokje goait, mei earst antwurd jaan. Oaren meie dêrnei fragen stelle by it antwurd. Tink derom: it giet net om goed of fout.

It giet om it neitinken en it petear. Miskien bist it net mei-inoar iens. Dat kin en dat mei.

Fragen om te stellen oer in antwurd binne bygelyks:

- Kinst dat útlizze? Wat bedoelst mei...?
- Wêrom tinkst dat? Kinst dat oantoane? Kinst in foarbyld jaan?
- Is dat altyd sa? Kin it tsjinoerstelde wier wêze? Stel dy foar dat... Wat as...?
- Jildt dat dan ek foar...? Betsjut dat...?

### B. By in boarne


Gefjochtsfleantugen seagen der yn de Twadde Wrâldoarloch oars út as no.

Besjoch mei-inoar de trochsneed fan it Ingelske gefjochtsfleantúch. Dy is te finen yn de 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en op [oarlochynklasse.frl](http://oarlochynklasse.frl).

- Hoefolle minsken fleane der mei yn dit gefjochtsfleantúch?
- Hoe grut wie sa'n fleantúch? Kinst dat ek útmjitte? Op it skoalplein of it sportfjild miskien?
- Watfoar opfallende dingen sjochst op de trochsneed?

Tink ek nei oer hoe't it wêze soe foar in piloat yn dy tiid.

- Wat fynsto fan de feilichheid fan de piloaten yn dit fleantúch?
- Hoe koe in piloat yn 'e Twadde Wrâldoarloch witte wêr't er hinne fleane moast?
- Piloaten fleagen faak yn it tsjuster. Wat binne foar- en neidielen fan fleanen yn it tsjuster?
- Soesto piloat wêze wolle yn sa'n fleantúch? Wêrom wol of net?





### C. Yn 'e omjouwing

De fleanrûte fan Ingelske gefjochtsfleantugen rjochting Dútslân rûn oer Fryslân hinne. It Dútske ôfwargeskut besocht de fleantugen út 'e loft te sjitten, foardat sy mei harren bommen yn Dútslân wiene. Alliearde fleantugen dy't rekke waarden, stoarten del op it Fryske grûngebiet. Ek Dútske fleantugen stoarten yn gefjochten soms del yn Fryslân.

Op it kaartsje op de webside [luchtoorlogfriesland.nl](http://luchtoorlogfriesland.nl) kinst sjen wêr't yn Fryslân fleantugen delstoart binne. Kinst mei de + en de – rjochtsûnder op it kaartsje yn- en útzoome. Ast op in stjerke klist, sjochst ynformaasje oer de crash. Dêr kinst ek wer op trochklikke.

Kies ien plak út dat dy oansprekt, miskien omdat it by jim yn 'e buert is of omdat it by it wenplak fan famylje is of miskien hast in oare reden.

Doch ûndersyk nei it plak datsto útsocht hast. Betink goede fragen foar dyn ûndersyk. Wat wolst witte? Undersyksfragen begjinne faak mei: Wa, Wat, Wêr, Wannear, Wêrom of Hoe... Besykje op safolle mooglik fan dyn fragen in antwurd te finen. De webside [luchtoorlogfriesland.nl](http://luchtoorlogfriesland.nl) kin dy helpe by dyn ûndersyk.

Foarbylden fan ûndersyksfragen binne bygelyks: Wa sieten yn it fleantúch (wa wiene de bemanningsleden)? Wat is der bard? Wêr kaam it fleantúch wei en wêr soe it hinne? Wannear is it fleantúch delstoart? Wêrom waard it fleantúch delhelle? Wêrom dêr? Wat is der no noch fan it delstoarten fleantúch werom te finen? Hoe is it ôfrûn mei de bemanningsleden? En miskien hasto noch wol oare fragen.

### D. En no?

Yn Nederlân is no gjin oarloch. Dochs binne der noch in oantal fleanbases yn Nederlân dêr't flein wurdt mei gefjochtsfleantugen. Ien fan dy bases is yn Ljouwert. Alle dagen binne dêr minsken oan it wurk.

Besykje in antwurd te finen op de fragen:

- Watfoar wurk is der op in fleanbasis allegear te dwaan?
- Yn watfoar tastellen fleane de Nederlânske piloaten no?
- Wat binne ferskillen tusken de fleantugen fan doe en de strieljagers fan no?
- As der gjin oarloch is, wêrom soene dy fleanbases yn Nederlân dan dochs noch iepen wêze?

Om goed taret te wêzen, traine de piloaten alle dagen. Se oefenje it ferdigenjen yn 'e loft en it oanfallen fan doelen op 'e grûn. Dat dogge se meastal boppe de Noardsee. Ien kear yn it jier wurdt in grutte ynternasjonale oefening holden yn Ljouwert: Frisian Flag. Yn 2025 waard de NAVO-oefening Ramstein Flag holden. Oan dy ynternasjonale oefeningen dogge in hiel soad lannen mei mei harren tastellen. Praat mei-inoar oer de fragen:

- Nederlân is net yn oarloch. Dochs fleane Nederlânske piloaten noch geregeld yn oarlochsgebiet. Wêrom is dat?
- Wêrom is it belangryk om ynternasjonale oefeningen te hâlden?
- Soesto op de fleanbasis wurkje wolle? Wêrom wol of net?
- Soesto piloot wêze wolle fan in strieljager? Wêrom wol of net?

Op de webside fan it ministearje fan Definsje kinst mear ynformaasje fine oer de Nederlânske Loftmacht: [defensie.nl/organisatie/luchtmacht](http://defensie.nl/organisatie/luchtmacht)



# Opdrachtkaart 3

## Joadeferfolging – 1942-1943

### A. Yn petear

Yn de Twadde Wrâldoarloch komme der hieltyd mear regels foar Joaden. Dit petear giet oer regels.

Pak in kaartsje fan de steapel. Lês de fraach foar. Wa wol reagearje?



Fregje troch nei it earste antwurd:

- Kinst dat útlizze? Wat bedoelst mei..?
- Wêrom tinkst dat? Kinst dat oantoane? Kinst in foarbyld jaan?
- Is dat altyd sa? Kin it tsjinoerstelde wier wêze? Stel dy foar dat... Wat as ...?
- Jildt dat dan ek foar ...? Betsjut dat...?

### B. By in boarne

Yn 'e oarloch binne in soad deiboeken byholden. It bekendste deiboek is fansels 'It Achterhûs' fan it Joaske famke Anne Frank.

Goffe Miedema út Ljouwert hâldt ek in deiboek by. Hy is 28 as de oarloch begjint en hat in meubel-saak yn Ljouwert. Goffe skriuwt oer de dingen dy't him dwaande hâlde yn 'e oarloch. Hy skriuwt ek oer de Joaden. Fragminten út syn deiboek fynst yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en op [oarlochyneklasse.frl](#). Syn orizjinele en komplette deiboek is te finen by it Historisch Centrum Leeuwarden.

Lês mei-inoar de fragminten en ûndersykje:

- Wat falt dy op oan de fragminten?
- Wie Goffe it iens mei de regels dy't de Dútsers de Joaden oplein hiene? Wêrom wol? Wêrom net?
- Goffe seach dat der hieltyd minder Joaden yn Ljouwert wiene. Hy tocht deroer nei en skreau deroer yn syn deiboek. Wat die hy der fierder mei?
- Wat fynsto dêrfan?



### C. Yn 'e omjouwing

De keunstner Gunter Demnig, berne yn Berlyn yn 1947, betocht it projekt 'Stolpersteine' – 'Stroffelstiennen' yn it Frysk. In bysûnder monumint om de Joaden en oare slachtoffers te betinken, dy't troch de nazi's út harren huzen helle waarden en op transport nei wurk- en ferneatigingskampen set waarden. It bysûndere oan dit monumint is dat it ferspraat is oer hiel Europa.

De Stroffelstiennen wurde yn 'e stoepe lein, foar de wenhuzen fan minsken dy't slachtoffer wurden binne fan de nazi's. Yn Fryslân lizze ek Stroffelstiennen.



Undersykje:

- Wat is in Stroffelstien? Hoe sjocht dat derút?
- Wêrom betocht Gunter Demnig de Stroffelstiennen?
- Binne Stroffelstiennen no ek noch belangryk?
- Wêr yn dyn omjouwing lizze Stroffelstiennen?
- Watfoar nammen steane dêrop?
- Kinst wat fertelle oer de persoan (of persoanen) fan wa't de namme op de Stroffelstien stiet?

## D. En no?



### Foardoardielen

Yn 'e Twadde Wrâldoarloch hiene in soad minsken in oardiel oer Joaden. Hitler sei: 'Alle Joaden binne ûnbetrouber, se lige minsken foar, se wolle allegear ryk wurde ten koste fan ús, troch de Joaden giet it net goed yn 'e wrâld, sy binne minder wurdich as wy, se hearre der net by, alles wat mis giet it is de skuld fan de Joaden.'

Dat kin fansels net wier wêze, mar ja, Hitler wie de baas. En hy sei it sa faak, dat minsken it begûnen te leauwen en it him neiseine. It kaam yn 'e krante en op 'e radio en in soad minsken tochten dêrom dat it wier wie. Ek minsken dy't noch noait yn harren hiele libben in Joad sjoen hiene, mienden dat Hitler gelyk hie. Sy hiene in foardoardiel oer Joaden.

Faak kinst in foardoardiel werkenne oan it wurdasje 'alle'. 'Alle Joaden binne minne minsken', 'Alle Rottweilers (hûneras) binne gefaarlik', 'Alle minsken dy't op kantoar wurkje binne saai'.

In foardoardiel kin lekker maklik wêze: do hoechst sels net nei te tinken of te ûndersykjen: do seist gewoan wat oaren ek sizze.

Yn 'e tiid fan no binne der ek hieltyd noch in soad foardoardielen. Tink as foarbyld oan it foardoardiel: 'Alle Rottweilers binne gefaarlik.'

Ast noch noait in Rottweiler fan tichtby sjoen hast, mar wol yn it nijs hearst dat in Rottweiler ien biten hat, en as dêr in plaatsje by stiet fan in blaffende Rottweiler, dan kinst tinke dat it wier is. Do hast in oardiel, foardatst der sels mear fan witst. Mar wat ast sels in Rottweiler thús hast? Of dyn âlde grize buorfrou hat in leave Rottweiler dy't Roosje hjit? Dan witst dat it wat yngewikkelder is as 'Alle Rottweilers binne gefaarlik'. Der binne miskien wol gefaarlike Rottweilers, mar kinst net samar sizze dat se allegear gefaarlik binne.

Tink nei oer de fragen.

- Watfoar foardoardielen kinne jim betinke?
- Watfoar foardoardielen komme jim wolris tsjin?
- Hawwe jim sels ek foardoardielen?

Hoe soe it wêze foar de groep dêr't it om giet? Stel datst by in groep hearst dêr't in foardoardiel oer is. Dan kin dat wolris fiele as in muorre dy't foar dy stiet. Do wolst wol sjen litte dat it foardoardiel net kloppet, mar minsken kinne in foardoardiel sa fêst yn 'e holle hawwe, datst net troch dy muorre hinne brekke kinst.

Jim sille de muorre fan foardoardielen ôfbrekke.



### Nedich: kartonnen doazen, stiften, read en grien papier

Betink mei-inoar foardoardielen dy't no noch hieltyd besteane. Praat oer: Wa hat der lêst fan? Wat soest yn plak fan it foardoardiel better tinke kinne; wat soe in bettere gedachte wêze? Bettere gedachten litte dy sels nei tinke.

Skriuw op read papier de foardoardielen (bgl.: 'Alle Rottweilers binne gefaarlik'). Skriuw op grien papier de bettere gedachten (bgl.: 'Der binne gefaarlike Rottweilers, mar se kinne ek hiel leaf en trou wêze').

Sammelje kartonnen doazen. Plak op de iene kant it reade foardoardiel. Plak op de oare kant de griene gedachte.

Bou mei de doazen in muorre. Set alle doazen mei de reade kant nei foaren. Besjoch de muorre. As alle minsken dit tinke soene, dan is it lestich om elkoar kennen te learen, tinke jim net?

Rin dan dwers troch de muorre fan foardoardielen hinne. Brek dy muorre ôf.

Draai de doazen mei de griene kant nei foaren.

Slagget it jim om mei de doazen in poarte te meitsjen dêr'tst trochhinne rinne kinst?

# Opdrachtkaart 4

Ferset – 1943-1944



## A. Yn petear

Ferdiel de klasse yn twaen. De iene kant stiet foar 'Mei iens' de oare kant stiet foar 'Net mei iens'. Lês in stelling fan in kaartsje foar. Elkenien mei sels even goed neitinke oer de stelling. De stellingen binne net goed of fout, it is ek gjin wedstriid wa't it earst in miening hat. Miskien twifelest? Dan kinst in bytsje yn it midden stean gean. Betink watst sizze kinst oer dyn kar. Meist oaren ek fragen stelle oer harren kar. Bygelyks:

- Kinst dat útlizze? Wat bedoelst mei..?
- Wêrom tinkst dat? Kinst in foarbyld jaan?
- Is dat altyd sa? Kin it tsjinoerstelde wier wêze? Stel dy foar dat... Wat as ...?
- Jildt dat dan ek foar ...? Betsjut dat...?

As jim oer in stelling genôch sein hawwe, betink dan: Hoe gie it petear? Bist wizer wurden? Tinkst no miskien oars; wolst no miskien op in oar plak stean? Wat wie dyn ynbring?

## B. By in boarne

Op strjitte koest yn de Twadde Wrâldoarloch samar oanhouden wurde troch soldaten. Do moast dan dyn persoansbewiis sjen litte. Underdûkers en oare minsken dy't socht waarden troch de Dútsers (lykas minsken dy't by it ferset sieten) woene fansels net oppakt wurde. Dêrom makke it ferset foar harren falske persoansbewizen. Mei harren eigen foto, mar mei in oare namme.

Der kamen yn 'e oarloch ek bern sûnder âlders nei Fryslân om ûnder te dûken, faak ek Joadske bern. Sy kamen dan te wenjen by in Frysk gesin dat dan krekt die as wiene de bern famylje. De bern krigen dan ek in oare namme: Deborah koe samar Dieuwke wurde, of Izaak waard Ytsen. Ek de achternamme waard feroare. Gjinn Joadske namme mear lykas Polak of Cohen, mar in Fryske, bygelyks Dykstra of Boersma.

Besjoch de ferskillende persoansbewizen fan Haitze Wiersma. Do fynst se yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en op [oarlochyneklasse.frl](http://oarlochyneklasse.frl).

Haitze wie plysje-man en rekke belutsen by it ferset. Hy waard in lieder yn it ferset en moast geregeld op reis foar oerlis. Mar de besetter krige dat yn 'e gaten! Fansels woe hy net oppakt wurde, dus koe er net mear mei syn echte persoansbewiis oer strjitte. Binnen it ferset hie hy ek in skûlnamme: 'Kooos'. Op it lêst wist net ien syn echte namme mear.

De man op de foto is hieltyd Haitze Wiersma.



- Wat binne de ferskillen?
- Wat moat der allegear op in persoansbewiis stean om it echt lykje te litten?
- Wêrom wie it nedich dat nimmen Haitze syn echte namme wist?
- Wat tinksto: hoe soe it wêze as net ien dyn echte namme mear wit?

Stel: do soest ûnderdûke moatte en se soene foar dy in nije namme betinke moatte. Wat soe der oan 'e hân wêze kinne wêrom'tsto ûnderdûke moast? Hoe soe dyn ferfalske persoansbewiis derútsjen? Wêr soe dyn nije namme oan foldwaan moatte?

Meitsje dyn eigen ferfalske persoansbewiis.



### C. Yn 'e omjouwing

Yn in hiel soad Fryske plakken wiene fersetsmensen aktyf. Ferset wie der yn it grut en yn it lyts. Der wiene minsken dy't it Dútske leger sabotearje woene of persoansbewizen ferfalsken. En ek minsken dy't harren radio ferstoppen en dêrmei stikem nei Radio Oranje en keninginne Wilhelmina lústeren. Ek sa no in dan in panne mei iten bringe by in gesin dêr't ûnderdûkers sieten, wie in foarm fan ferset, lykas de letters OZO (de ôfkoarting fan 'Oranje Zal Overwinnen') earne op skriuwe.

Undersykje:

- Wie der yn dyn wenplak of yn de omjouwing fan dyn wenplak ek ferset?
- Wat barde der yn dyn omjouwing oan ferset?
- Wiene der yn dyn omjouwing ek plakken dêr't ûnderdûkers sieten?
- Binne der yn dyn omjouwing ek monuminten foar fersetsstriders?
- Wat is it ferhaal fan dy fersetsstriders?



### D. En no?

Yn de oarloch kaam der fansels fan alle kanten nijs. Der wiene de nijsberjochten fan de Dútsers, de nijsberjochten fan it ferbeane Radio Oranje en it ylligale nijs dat fia de pamfletten by de minsken kaam. En dat nijs wie net allegear itselde. It Dútske nijs melde bygelyks dat it goed gie mei it Dútske ryk en it nijs op Radio Oranje fertelde dat de oerwinning foar de alliearden flakby wie. It Dútske nijs fûn dat de fersetsstriders tsjinstanners fan de frede wiene. Sy diene ommers oerfallen en dêr foelen ek wol slachtoffers by! Mar it ylligale nijs neamde de fersetsstriders krekt helden. It koe bêst yngewikkeld wêze om út te finen wat de wierheid wie.

Tsjintwurdich komt it nijs ek op alderhande manieren nei dy ta. Hoe witst wat wier is? It sjoernal op telefyzje? It nijs yn 'e krante? De berjochten op nijswebsiden? En hoe sit it mei sosjale media? En nijsberjochten dy't nep binne foar de grap (tink bygelyks oan nijs op 1 april)?

Hearst in soad oer nepnijs. Praat mei-inoar oer de fragen:

- Wat is nepnijs?
- Wêrom soe ien nepnijs ferspride wolle?
- Hoe kinst nepnijs werkenne?
- Binne grappen ek nepnijs?
- Hast sels wolris (mei fersin of mei opsetsin) nepnijs ferspraat?

Besjoch it filmke fan Schooltv oer nepnijs en doch de kwis. De link nei it filmke is te finen op [oarlochyneklasse.frl](http://oarlochyneklasse.frl).

# Opdrachtkaart 5

## Ferset en befrijing – 1944-1945

### A. Yn petear

Yn 1945 komt der in ein oan 'e Twadde Wrâld-oarloch. Praat mei-inoar oer frijheid. Doch dat yn groepkes. Elk groepke kriget in fraach en nei in skoftsje wikselje de groepkes fan fraach. Op de fraach is net in goed of fout antwurd te jaan. It binne fragen om oer nei te tinken. Miskien hast net echt in miening of feroaret dyn miening yn it petear. Miskien bliuwst by dyn miening. Dat mei allegear. Lústerje goed nei elkoar en freegje troch. Fragen om troch te freegjen binne bygelyks:

- Kinst dat útlizze? Wat bedoelst mei..?
- Wêrom tinkst dat? Kinst in foarbyld jaan?
- Is dat altyd sa? Kin it tsjinoerstelde wier wêze? Stel dy foar dat... Wat as...?
- Jildt dat dan ek foar...? Betsjut dat...?

Praat nei ôfrin oer de petearen: Hoe gie it? Koe elk sizze wat hy of sy woe? Bist wizer wurden? Tinkst no oars? Wat wie dyn ynbring?



### B. By in boarne

Yn 1944 kaam de ein fan 'e oarloch yn sicht. Om Nederlân flugger te befrijen, waard it ferset ynskeakele. Alliearde fleantugen dropten nachts yn it geheim konteners mei wapens. Minsken fan it ferset hellen de konteners út it lân en ferstoppen de wapens foar de Dútsers. Dat wie in gefaarlike put! It opheljen fan de konteners moast fansels yn it djipste geheim en de wapens moasten goed ferstoppe wurde. As de Dútsers de wapens fûnen, dan stie dêr de dea straf op.

Besjoch de filmkes oer Piet Veeninga. De filmkes binne te finen op [oarlochyneklasse.frl](http://oarlochyneklasse.frl). Hy hat de wapendroppings meimakke op it lân fan 'e buorkerij dêr't hy wenne. Hy wie doe ûngefear 20 jier. Hy hat syn ferhaal in soad op skoallen ferteld. Yn 2018 is Piet Veeninga stoarn. Syn ferhaal is noch op ferskate plakken op it ynternet te finen.

Besjoch de list mei plakken dêr't de wapendroppings útfierd waarden. Wat falt jim op? Sykje de plakken op op de kaart fan Fryslân. Watfoar plak leit it tichtst by dyn wenplak? Is der yn dat plak noch wat werom te finen fan de wapendroppings? Binne der ferhalen oer de wapendroppings?



### C. Yn 'e omjouwing

Begjin april 1945 waard dúdlik dat de befrijing fan Fryslân tichtby wie. Op 8 april kaam it boadskip fia Radio Oranje: 'De fles is leeg'. Dat wie it teken dat de befrijers deroan kamen. It ferset begûn oan sabotaazje-aksjes om it de Dútsers sa dreech mooglik te meitsjen om de striid mei de alliearden noch oan te gean. Der waarden brêgen en spoarlinen fernield en wetters en wegen blokkearre. Troch de help fan it Fryske ferset duorre de striid net lang. Op 18 april 1945 wie it fêstelân fan Fryslân befrijd. De Waadeilannen moasten langer wachtsje op de befrijing: Skylge oant 29 maaie, Flylân oant 31 maaie, It Amelân oant 3 juny en Skiermûntseach moast sels wachtsje oant 11 juny foardat de lêste Dútske militêren it eilân ferlieten.

Om de befrijing en de perioade dêrfoar te betinken, waard yn 2025 ûnder oaren it projekt 'Brêge nei Frijheid' holden. Ynwenners fan Fryslân waarden útnûge om in brêge yn harren wenplak sintraal te stellen by it betinken en fieren.



Undersykje:

- Binne der yn de tiid foar de befrijing by jim yn 'e buert ek brêgen fernield?
- Hawwe jim ek wat sjoen fan it projekt 'Brêge nei Frijheid'?
- Wannear is dyn wenplak befrijd? En troch wa?
- Binne der bylden fan de befrijing fan jim omjouwing?  
Tip: Sykje op YouTube yn 'e playlist fan it Fries Film & Audio Archief 'Tweede Wereld oorlog Friesland – Bevrijding'
- By befrijing heart ek betinking. Wêr by jim yn 'e buert is in betinking?

### D. En no?

Nei jierren fan oarloch wie Fryslân wer frij. De measte minsken wiene bliid, mar der wiene ek minsken dy't fertriet hiene. Der wiene omers in hiel soad minsken dy't famyljeleden, freonen of harren thús misse moasten troch de oarloch. Yn Nederlân betinke wy op 4 maaie de slachtoffers fan oarloch en op 5 maaie fiere wy de frijheid. Yn 2025 bestiet de frijheid yn Nederlân 80 jier. Mar lang net oeral op de wrâld binne minsken frij.

Bepreat mei elkoar:

- Op 4 en 5 maaie betinke en fiere wy. Wêrom dogge wy dat? Is it belangryk om dat te dwaan? Wêr tinke jim oan as jim betinke? Wêr tinke jim oan as jim fiere? Wêr binne jim op 4 en 5 maaie?
- Watfoar gebieten yn 'e wrâld wachtsje no noch op frede en frijheid? Wat fernimme minsken yn Nederlân dêrfan? Tinke jim op 4 en 5 maaie ek oan dy gebieten?

It is soms dreech om te sizzen wêr'tst oan tinkst by it betinken en fieren. In gedicht kin dêrby helpe. Skriu in gedicht mei help fan it stappeplan dat yn 'e 'Oarloch yn 'e klasse'-boks en op [oarlochynneklasse.frl](http://oarlochynneklasse.frl) te finen is. Presintearje de gedichten oan elkoar.

